



Royal Netherlands Academy of Arts and Sciences (KNAW) KONINKLIJKE NEDERLANDSE AKADEMIE VAN WETENSCHAPPEN

[Review of: N. Danielsen (1982) Friserstudier II]

Dyk, S.

published in

It Beaken

1984

[Link to publication in KNAW Research Portal](#)

citation for published version (APA)

Dyk, S. (1984). [Review of: N. Danielsen (1982) Friserstudier II]. *It Beaken*, 46, 151.

General rights

Copyright and moral rights for the publications made accessible in the public portal are retained by the authors and/or other copyright owners and it is a condition of accessing publications that users recognise and abide by the legal requirements associated with these rights.

- Users may download and print one copy of any publication from the KNAW public portal for the purpose of private study or research.
- You may not further distribute the material or use it for any profit-making activity or commercial gain.
- You may freely distribute the URL identifying the publication in the KNAW public portal.

Take down policy

If you believe that this document breaches copyright please contact us providing details, and we will remove access to the work immediately and investigate your claim.

E-mail address:

pure@knaw.nl

Al rinne se ús de dropmel net swart, dochts hat der ûnder bûtenlânske taalkundigen altyd wol belangstelling west foar it Frysk. Dy belangstelling komt fansels foaral út germaanskstalige lannen wei, en fan dy lannen hat it lytse Denemarken lang net swak byspile. Nammen as Rasmus Rask en Arne Spenter sille yn dat ferbân bekend wêze. Hjoeddedei besykje de yn de titel fan dit besprek neamde minsken har yn te setten foar de stúdzje fan it Frysk oan de universiteit fan Odense. Ta dat doel hawwe se al twa kear in *Friserdag* organisearre. De lêzings fan dy stúdzjedagen binne publisearre yn *Friserstudier I* en *III*. Om it gat, sa't sy it sels formulearje, tusken dy twa kongresbondels op te foljen, hawwe se eigen bydragen bynoar brocht yn *Friserstudier II*.

De koartste bydrage is fan Hans Frede Nielsen. Hy besprekt Rolf H. Bremmer syn wiidweidige artikel 'Frisians in Anglo-Saxon England: A Historical and Toponymical Investigation', dat ferskynd is yn *Fryske Nammen III* (1981), s. 45-94. It besprek is miskien wat tefolle in oerleiding wurden fan wat al bekend wie, al is it nuttich dat Nielsen nochriss even wiist op stúdzjes oer parallellen tusken it Aldingelsk en it Aldfrysk fan de hân fan Löfstedt, Munske en himsels, dy't troch Bremmer net behannele binne. Krityk dat makket hat Nielsen eins net; mei frasen as 'reliable philological work' en 'important contribution' kin Bremmer tefreden wêze.

Frij slij benei te kommen wie foar my it artikel 'The mirror hypothesis and the phenomenal error in the light of Frisian' fan Erik Hansen. Dat sil komme troch it tige kompakte en abstrakte karakter dêrfan. Ut syn wittenskiopsopfetting wei stiet Hansen in nochal hoalistyske taalskôging foar: safolle mooglik taalfenomenen moatte meinaam wurde en it is yn prinsipe ferkeard om it iene type fenomeen boppe it oare te setten, bygelyks it syngroane boppe it diagroane of in (standert)taal boppe in dialekt. De kweade geast yn de hjoeddeiske linguistyk is neffens Hansen de strukturele metoade, dy't te min rjocht docht oan it heterogene en it minsklike aspekt fan de taalferskynsels.

No mei Hansen filosofysk sjoen gelyk hawwe, yn 'e wittenskiplike praktyk soe it wolris doel hawwe kinne om mei opsetsin guon aspekten fan de komplekse werklikheid even oan 'e kant te skowen om sa nammerste nijsgjirriger hypotezen opstelle te kinnen. De útwurking fan Hansen syn filosofyske ideeën bliuwt yn it artikel spiiigernôch wat tefolle yn in oanset stykjen om der goed sicht op te krijen. Wat opfalt binne oerienkomsten mei it wurk fan Bickerton, bygelyks, *Dynamics of a Creole System*, Cambridge University Press (1975), hoewol't dy syn namme troch Hansen net neamd wurdt. By beide fine wy oandacht foar it heterogene karakter fan de taal, it begryp kontinuüm en it yn inoar oerrinnen fan diagroane en syngroane aspekten. Sels it technysk apparaat op s. 89-93 hat wol wat wei fan Bickerton syn ymplikative skalen. Wêr't al ferskil yn sit is it objekt fan de heterogeniteit: by Bickerton hat dy in soasjale, by Hansen in geografyske eftergrûn. Noardfryske dialekten fungearje dêrby as yllustraasjemateriaal.

It langste artikel út de bondel is tagelyk it meast wonderlike dat ik de lêste jierren yn taalkundige literatuer tsjinkaam bin. Niels Danielsen besiket in 'semiotactical' analyze fan Heechdútske en Noardfryske (Sylter) tiidwurdklusters te jaan. Hy brûkt dêrfoar in teoretysk ramt dat er kwalik yntrodusearret, en termen dy't er net definiearret. Dat soe allegearre noch net sa'n ramp wêze at der yn 'e tekst even in ferwizing stie nei in wurk dat dy yntroduksje ensafoarthinne wol hie. As ik der wat fan begrepen haw, dan wol Danielsen yn syn analyze ûndersykje op hokker wize beskate betsjuttingsinhâlden syntaktysk werjûn wurde. Hy skynt dêrby foaral út in taalferlykjende optyk wei te wurkjen.

Wat yn alle gefallen aardich oan it stik is -- njonken it grutte tal foarbyldsinnen út de meast útinoar rinnende talen wei, fan Grienlânsk oant Sanskryt, en fan Welsk oant Arabysk, de frisistyk leit de swetten út -- is it moai folsleine oersjoch fan de feitlike mooglikheden fan it Heechdútske en it Sylter tiidwurdsysteem. Mar boppe it nivo fan de feiten komt de 'analyze' eins ek net út. It tige opfallende, en bekende, ferskynsel bygelyks dat yn 'e bysin de bûgde tiidwurdsfoarm oan 'e ein komt, wurdt neat mei dien.

Sa jout de bondel dan dochts wat in ûnlykwichtige yndruk: in Danielsen dy't blykber generalisaasjeskou is en in Hansen dy't wat al te folle yn it abstrakte hingjen bliuwt. By beide kriget men it gefoel dat de saak net hielendal ôfmakke is.

Hoe't dat fierder ek wêze mei, it bliuwt in goed ding dat bûtenlânske taalkundigen it Frysk bestudearje: ynternasjonaal kin dat in ferriking fan de taalwittenskip betsjutte, en foar de Fryske frisisten kin nij bloed mei nije metoaden en ynsichten allinnich mar ta in útdaging wêze.